

# Snein 12 juni 2022 Eastertsjerke Snits

## Wysheid

### Tsjerketsjinst 9.30 oere

**Foargonger** : ds.Aukje Westra  
Oargelist : Bob van der Linde  
Âlderling fan tsjinst : Grietje Bijker  
Lektor : Otto Visser  
Koster : Roelof Dijkstra  
Beamer : Age Meijer  
Byld : Henk de Vries



---

### Oargelspyljen

### Wolkom en meidielingen

### We gean stean

### Stilte

### Bemoediging en groetnis

Us Helper is de Hear  
DY'T HIMEL EN IERDE MAKKE HAT  
Genede en frede is der foar ús  
fan God, boarne fan alle libben  
EN FAN JEZUS KRISTUS, SYN SOAN,  
troch de Hillige geast  
AMEN

### Sjonge Liet 283: 1, 2, 4 *Yn'e mannichte fan lûden*

1 Yn 'e mannichte fan lûden,  
yn it stoarmjen fan 'e tiid,  
sykje wy it sêfte sûzjen  
fan it wurd dat freugde biedt.

2 Rûnom wei, yn dit fermidden  
ha wy nei ien boarne socht,  
nije dreamen woll' we\_om bidde  
en ús rjochtsje nei it ljocht.

4 Lit ús yn jo frede diele,  
lit him delkomme\_as de dau.  
Wol ús heine yn 'e strielen  
fan jo goedens en jo trou.

### We gean sitten

## Ynlieding op it tema fan 'e tsjinst

### Bea om ûntferming

**Sjonge** Liet 848: 1, 2, 3, 4 *Al wat in minske fetsje wol*

- |   |   |
|---|---|
| <p><b>1.</b>Al wat in minske fetsje wol<br/>oan wierheid en oan sin,<br/>it leit ferskûle yn jo geheim<br/>dat ein is, en begjin.</p>     | <p><b>2.</b>Gjin minske-each hat dat noch sjoen,<br/>gjin earen namen 't mei;<br/>it komt mar amper by ús op,<br/>fynt wifkjende syn wei.</p> |
| <p><b>3.</b>De minske dy't jo wiisheid socht,<br/>fan herten, mei ferstân –<br/>dy litte Jo de ierde sjen<br/>as skepping fan jo hân.</p> | <p><b>4.</b>Jou dy't jo spoaren bjuster is,<br/>dat moed him net ferlit;<br/>lear ús te harkjen nei de Geast<br/>dy't dôven hearre lit.</p>   |

### Petear mei de bêrn

### Oargelspyljen

### Tarieding op de Bibellêzingen

#### Bibellêzingen

Spreuken 9: 1-18 *Frouwe Wysheid en frouwe Dwaasheid noegje om bar*

De wysheid hat har hûs boud,  
hja hat har sân pylders oerein set,

hja hat har fee slachte en har wyn mongen  
en har tafel hat se klear makke,

hja hat har fammen útstjoerd en hja noeget  
boppe fan 'e hichten fan 'e stêd:

Dy't ûnbedreaun is, lit dy hjir komme,  
dy't ferstân brek is, tsjin him seit se:

Kom om myn spizen te iten  
en drink de wyn dy't ik mongen haw;

jou it ûnferstân oer, dat jim libje meie,  
gean de wei fan it ynsjoch op.

Dy't in spotter te plak set, hellet skande oan,  
en dy't in sûnder bestraft, syn eigen smaad.

Bestraf de spotter net, oars hatet er dy,  
bestraf de wize, dan sil er fan dy hâlde.

Jou oan de wize en hy wurdt noch wizer,  
ûnderrjochtsje de rjochtfeardige en hy sil oan ynsjoch winne.

Untsach foar de Heare is it begjin fan 'e wysheid;  
de Hillige kenne, dat is ynsjoch.

Want troch my wurde dyn dagen heech yn tal  
en krigest der jierren fan libben by.

Asto wiis bist, dan is 't dyn eigen foardiel,  
bist in spotter, dan moastst it allinne drage.

Frouwe Dwaasheid is wakker blustrich,  
kleare ûnferstân en hja jout nearne net om;

se sit by de doar fan har hûs  
of op in bank op 'e hichten fan 'e stêd;

se noeget dy't foarby komme,  
allegearre dy't rjochte wegen geane:

Dy't ûnbedreaun is, lit dy hjir komme,  
dy't ferstân brek is, tsjin him seit se:

Swiet is it wetter datst stellerwize drinkst  
en smaaksum it brea dêrst temûk fan ytst.

De man wit net, dat dêr by har de skimen wenje  
en dat har gasten tahâlde yn it djippe deaderyk.

### **Sjonge** Liet 313: 1, 3 *Us wol Gods wurd allinne*

1 Us wol Gods wurd allinne  
in skat fan wiisheid jaan.  
Haw moed, want jimme kinne  
de reis dêr wol mei dwaan.  
Dat wurd wurdt mear en mear,  
wêr't ek jim wegen wine,  
in lampe ljocht en klear,  
en elk sil dêryn fine  
it antlit fan de Hear.

3 De geasten hifkje\_op wearde  
joech God ús as gebod;  
wa't fan syn wurd har keare  
wjerstean it ryk fan God.  
Sjoch hoe't sy bouwe\_op sân!  
Aanst sil har hûs beswike  
't hâldt yn 'e stoarm gjin stân.  
Dan sil foar elk wol blike  
de dwaas syn ûnferstân.

### **Beskôging**

## Frans Halsema, *Foar har*

Se ferstiet de keunst om by my te hearren,  
yn myn lichem hat se plak makke foar twa.  
Yn myn eagen wennet se, yn myn earen,  
se heart en sjocht myn hiele libben mei my mei.

Soms begjint se yn myn hert te sjongen,  
wêr't de nacht komt hat se ljochtjes oandien.  
En troch har wit ik no troch te dringen  
ta de ûnferwachte skat fan ús bestean

*Sa allinnich wol ik fierder libje,  
skûljend by inoar.  
En as ik âld wurde moat, dan allinnich mei har.*

Se kin al myn dreamen en myn wanen,  
al myn hasten en al myn spot en myn spyt.  
As ik glimkje ken allinnich sy de triennen  
dy't dêr efter lizze yn de tiid.

### *Koar*

Se is mear as dizze wurden sizze,  
yn myn lichem hat se plak makke foar twa.  
Mar wa wit in wûnder te ferklearjen  
en in wûnder draach ik mei my mei

## Foarbea, oargelspyljen

### Wy bidde it Us heit

Us Heit yn 'e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo keninkryk komme,  
Lit jo wil dien wurde  
op ierde likegoed as yn 'e himel.  
Jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden  
sa't wy ús skuldners ek ferjûn hawwe;  
en lit ús net yn fersiking komme,  
mar ferlos ús fan 'e kweade;  
want jowes is it keninkryk  
en de krêft  
en de hearlikheid  
oant yn ivichheid. Amen.

### Wy gean stean

**Sjonge** Liet 691: 1, 3 *De Geast fan God waait as in wyn*

**1** De Geast fan God waait as in wyn,  
in frede dy't fernuveret,  
as azem dy't ús libje lit  
en ús de lea troch huveret;  
dy't as in stoarm de striid oangiet,  
geweld en kwea mei moed wjerstiet,  
in koelte dy't ús suveret.

**3** Yn stilte wurket dizze Geast,  
Sy stjoert yn ús de dreamen.  
In wize mem is Sy it meast,  
út Har sil leafde streame.  
Sy jout ús moed om troch te gean,  
lit minsken wer inoar ferstean –  
in mantel om ús hinne.

**Segen**

---

De **1<sup>e</sup> collecte** is voor de Diaconie  
Banknr: NL20 RABO 0359 5059 45



1<sup>e</sup> collecte: Diaconie

De **2<sup>e</sup> collecte** is bestemd voor de Kerk  
Banknr: NL54 RABO 0373 7293 16



2<sup>e</sup> collecte: kerk

---

**Bloemen**

*De bloemen zullen als teken van meeleven gebracht worden bij:*

**Otto de Jonge** Loëngasterleane 17

**Uit de gemeente**

In de afgelopen periode is overleden:

**Willemkje Ottens-Zandvoort**, Sytsingawiersterleane 48  
op de leeftijd van 81 jaar.

